

# Knappe detektive fan Frysk skriuwersduo

FD 2011-29-01

## Detektive

troch Yvonne Dijkstra

**M**oard yn 'e Médoc is it fjirde boek fan it skriuwersduo Frans en Tineke Steenmeijer, yn wat al aardich de kant opgiet fan in searje. Myra Mellarius, dy't nettsjinsteande har wat ôfwaaide namme in oansprekkend frommes blykt te wezen, reizget mei har freonddinne, de keunsthistorika Louise Commandeur, nei it doarpke Crussac yn de Médoc, Frankryk. Louise is ynhiêrder om wat sinnichs te sizzen oer de skilderijekolleksje fan

château Pompygnac en Myra, dy't wol ta is oan in fakânsje, reizget mei har mei. Al gau docht bliken dat it net sa'n rêstich reiske is. It château is yn in wynoarloch ferwikkele, der binne guont dy't Louise hielendal net brûke kinne yn Crussac en der wurdt ien fermoarde. Undertusken is Myra har freon, de Fryske rearcheur Doede Deschesne, ek nei Frankryk kommen om syn ljocht skine te litten oer de nuvere saken. Fierder kin ik der fansels neat oer sizze, mar dat it noch aardich spannend wurdt, kin ik jo wol fertelle!

*Moard yn 'e Médoc* hat alles wat in detektive noadich hat: it ferhaal is spannend, tige knap opboud en noeget de lezer út om mei te tinken en te spekullearjen. En oan 'e ein slút alles as in bus. De speurders binne sympatyk en de byfigueren yntrigearjend genôch om dy hjir en der aardich op de ferkearde foet te setten.

Tagelyk is de taal tige fersoarge en moai, wylst it dochs modern bliuwt. Knap dien.

It echtpear Steenmeijer soarget foar in soad Frânse *couleur locale* troch bygelyks yngeand te beskriuwen wat der

by it *dejeuner* op 'e boarden leit of hoe't de skilderijeseal fan it kastiel derút sjocht. It is goed te fernimmen dat Frans en Tineke Steenmeijer thús binne yn harren matearje; nearne binne ynkonsekwinssjes te ûntdekken en dat is moai. Wêr't ik my lykwols wol oan yrritearre haw, binne de alliterearjende nammen fan de twa wichtichste ferhaalfigueren, Doede Deschesne en Myra Mellarius. Knoffeliger nammen kin út soarte net yn in folwoeksenroman! Fral omdat it de yndruk jout as soene de persoanen dy't by dy nammen hearre

iendimensionaal wêze. Lit dat no krekt nê't it gefal wêze: Myra en Doede binne nijsgjirrich en sympatyk genôch om de dragende figueren fan in searje te wurden. Spitich dus dat hja har namme net mei hawwe, mar fierder neat as lof foar dizze nijste Steenmeijer!

1 *Moard yn 'e Médoc*, Frans en Tineke Steenmeijer. Bornmeer, 17,50 euro

